

Kolleezje fan Deputearre Steaten
o.f. E. Folkerts
Postbus 20120
8900 HM LJOUWERT

Ljouwert, 25 febrewaris 2025

POSTADRES

Westersingel 4
Keamer 0.11
8913 CK Ljouwert

ynfo@dingtiid.frl
www.dingtiid.frl
@dingtiid

Achte deputearre Folkerts,

Op jo skriftlik berjocht d.d. 4 febrewaris 2025, neier bepraat yn ús BO d.d. 13 febrewaris 2025, ha wy jo witte litten dat wy graach op jo fersyk yngean om te advisearjen oangeande it stânplak fan de bachelor Frysk fan de Ryksuniversiteit Grins (RUG). Jo streekrjochte oanlieding dêrta wie PS-moasje 3.061 d.d. 22 febrewaris 2023, dy't û.o. wol dat jo ûndersykje litte oft it ferpleatsen fan de learstoel Frysk nei Ljouwert effekt ha sil op it tal studinten.

Jo advysfraach is terjochte: it stânplak fan sa'n kwetsbere universitêre oplieding as Fryske Taal & Kultuer hat sûnder mis ynfloed op de kwaliteit en kwantiteit fan de studinten. Beide binne tige relevant foar de takomst fan de frisistyk, want út dyselde studinten sille úteinlik ek de nije PhD's, universitêre dosinten en heechleararen komme. En nimmen sil ûntstride dat in sterke en sichtbere frisistyk krúsjaal is foar de takomstige posysje en krêft fan de Fryske taal.

Wy hawwe jo op it niisneamde BO meidield dat wy om 'e tiid foar dit advys gjin djipdollend ûndersyk dwaan kinne. De oanrikkemandaasjes dy't wy yn dizze brief opskriuwe, binne bedoeld as rjochtingjaand foar takomstige petearen oer de universitêre frisistyk, en binne ta stân kaam op basis fan ús eigen ekspertize mei it heger ûnderwiis en ús ûnderfining yn dit dossier, dat al sûnt 2019 in rol spilet yn ús wurk.¹

In wichtige eftergrûn by jo advysfersyk is ek it oankommende konvenant oangeande de ynrjochting fan in bachelor frisistyk oan de RUG. We wolle hjir graach, fannijs, útdrukke dat we der tige wiis mei binne dat sa'n konvenant op priemmen stiet. Want lykas niis sein, in sterke, sichtbere en duorsume universitêre frisistyk is fan krúsjaal belang foar de Fryske taal. We ha dat gefoel fan belang en wurdearring ek útdrukt yn ús advysbrief oangeande dat konvenant, dy't begjin oktober 2024 oan de trije konvenantpartners (OCW, Provinsje, RUG) tastjoerd is. We meie ús boppedat allegearre ek yn dat gefoel fan belang stipe fiele troch it wichtige en ynfloedrike rapport fan de KNAW-kommisje, dêr't it konvenant mei út fuortkomt en dêr't DINGtiid ek by belutsen west hat.

¹ Sjoch foar in oersjoch ús Wurkprogramma 2024-2025, 'Heger ûnderwiis': <https://dingtiid.frl/wurkprogramma-2024-2025/>

Konvenant Bachelor Frysk

Lykas sein is it oansteande konvenant oangeande de bachelor Frysk in wichtige eftergrûn foar dizze advysbrief. Sa'n bachelor wie der oars earder ek al – DINGtiid hat it om dy reden dan ek nea oer in 'nije' bachelor Frysk – mar sûnt 2013, doe't de oplieding as track ûnder in nij programma (Minorities & Multilingualism) kaam, is de frisistyk oan de RUG yn de lytse lûge rekke. Dy konstruksje hat perfoarst gjin fertuten dien foar it oanwinnen fan nije studinten. Alhoewol't djipgeand ûndersyk dêrnei by ús witten net plakfûn hat, is ús út petearen mei belutsenen yn it ferline wol dúdlik wurden dat in tekoart oan sichtberens, as track ûnder in oare flagge, net holpen hat om studinten te lûken. Dat skriuwe we net op om't âlde kij derta dogge, mar om't de kwestje fan de studintetallen, en dus de sichtberens, tige relevant is foar de fraachstikken dêr't dizze advysbrief op yngiet.

De bachelor sil foar in perioade fan tsien jier stipe wurde troch de Provinsje Fryslân, it Ryk en de RUG, as it aanst naaid wurdt sa't it no knipt is. De ôfspraken datoangeande wurde belein yn it konvenant, dat op de penning stiet om yn april 2025 ûndertekene te wurden; tariedende ôfspraken binne makke yn de BFTK 2024-2028 (par. 2.6 'Ofspraken yn it hbû en wû'), dy't yn april 2024 oangien is troch Ryk en Provinsje. DINGtiid is yn it konvenantproses troch de belutsen partijen in advisearjende rol tatocht.

It konvenant giet net yn op mear ynhâldlike saken as stânplak, stúdzjeprogramma of de namme fan de bachelor. Dat is ek net ûnlogysk, om't it konvenant oare, mear formele ôfspraken regelje wol, lykas de gearwurking, finansiering en monitoaring. Likegoed dogge dy ynhâldlike kwestjes der wol ta, om't se reitsje oan de sichtberens en dus oan de potinsje om in passend tal studinten te lûken. En dat sil fan de bachelor it sukses meitsje dat foar eltse belutsen partij de finansiering rjochtfeardigje moatte sil.

Stânplak: Ljouwert of Grins?

As earste oangeande it stânplak: de kar sil makke wurde tusken Ljouwert en Grins. De RUG sels is wat dat oangiet sa't it liket noch net út 'e rie, mei men oannimme op basis fan berjochten yn it RUG-medium *UKrant* (d.d. 24/1/24 en 7/1/2025). Der falt foar beide stânplakken genôch te sizzen.

Om te begjinnen mei Ljouwert: de haadstêd fan Fryslân, middenmank de Fryske mienskip, en mei wichtige kennispartners lykas de Fryske Akademy, NHL Stenden en Tresoar foar de greep. En ek de oanwêzigens fan de Campus Fryslân fan de RUG, mei syn ynhâldlik sterke masters, is in foardiel foar studinten dy't trochstreamme wolle (al moat sein wurde dat it studintetal fan de Campus al jierren bot ôffalt, ek al krije de programma's hege wurdarrings). Boppedat sil in stânplak foar de bachelor yn Ljouwert foar in soad Fryske fû-dosinten dy't in ekstra graad helje wolle, oantreklik wêze om't dat foar de measten maklik en fluch te bereizgjen is. Fierder hat Tresoar in kolleksje dy't foar elke studint Frysk de ôfwêzigens fan de Grinzer UB opheint, en mear as dat. Boppedat hat it in moaie symbolyk en jout it Ljouwert/Fryslân ekstra prestizje om de oplieding Frysk yn it hert fan Fryslân te pleatsen.

It giet hjir lykwols net om prestiizje foar Fryslân of Ljouwert, mar om it lûken fan, en dus de sichtberheid en oantreklikheid foar studinten. Dat bringt ús by de foardielen fan Grins. Dêr is de Fakulteit Letteren fêstige, dêr't de ôfdieling Fryske Taal & Kultuer al sûnt in foech iuw yn bewoartele is. Dêr sitte dus ek de dosinten en PhD's fan de wichtichste oan de frisistyk besibbe fakgebieten, lykas Germaanske talen, algemiene taalkunde, letterkunde, kultuerstúdzjes, skiednis, dy't foar de nedige akademyske soerstof en útwikseling soargje. Mar benammen: dêr sitte de studinten fan dy opliedings, by 't soad. Om't de ôfdieling Frysk altiten al syn studinten foar it oergrutte part ynhelle hat as byfakkers – (meastal: Fryske) studinten dy't in oare stúdzje dogge mar yn de frije of minorromte ris snuve wolle oan de frisistyk, en dan hingjen bliuwe foar it folle programma – moat de ôfdieling Frysk dêr wêze dêr't ek dy mooglike byfakkers binne. En dêr binne sawisa al de measte jonge Friezen, want as sokken studearje wolle oan de universiteit, kieze se no ienris, om watfoar reden dan ek, folle earder foar Grins as foar Ljouwert.

Alles byinoar is foar wat it stânplak oangiet neffens DINGtiid it measte te sizzen foar it behâlden fan it stânplak Grins foar de bachelor Frysk. Dat jildt foar de hiele oplieding; om guon stúdzjeûnderdielen dochs yn Ljouwert te organisearjen, sil de sichtberens fan de oplieding ûnderstek dwaan en soargje foar ûndúdlikheid ûnder studinten. En dat sil dus de yntream net fergrutsje mar krekt lytser meitsje, is ús betinken.

Oare sichtberensaspekten

Al hie jo advysfersyk allinne betrekking op it stânplak, dochs wolle wy jo graach noch in pear oerwagings meijaan dy't fan ynfloed binne op de sichtberens en dus it sukses fan de bachelor.

De namme fan de oplieding

As earste: de namme. As de bachelor ûnderbrocht wurdt by in oare oplieding – en dat leit wol yn de ferwachting – dan soe it wurd 'Frysk' sichtber wêze moatte yn alle uterings. De ôfrûne jierren wie dat net sa: it wie, lykas sein, in track ûnder it label fan Minorities & Multilingualism, en al it besykjen om it wurd 'Frysk' wol mei te nimmen yn de titulatur, wienen omdoch. De oplieding Frysk waard simpelwei fierhinne ûnsichtber en ûnfynber. Op it heden is ûndúdlik hokker namme of label oft de Fakulteit hantearje sil foar de bachelor Frysk. Wol liket it foar de hân te lizzen dat der mear gearwurking socht wurde sil mei de oplieding Nederlânske Taal en Kultuer. Mocht dat yndie sa wêze, dan moat de goede gefoelichheid toand wurde oangeande de takomstige namme of it label fan de oplieding. Frysk is ommers gjin Nederlânske taal, en sa'n suggestje soe ek net wekt wurde moatte yn de beneaming. As der al in oerkoepeljend label komme moatte soe, soe dat soks as 'Talen en culturen van Nederland' wêze moatte. It kin wêze dat de RUG-ynterne systematyk him dêr op beskate wize tsjin ferset, mar dêr is fansels altiten in paad omhinne te finen, as de wil der mar is.

Sa'n namme soe oars ek mear rjocht dwaan oan mooglike oare ynhiemske talen en kultueren fan Nederlân dy't yn de takomst ûnder sa'n label brocht wurde kinne of

sille. Wat dat oangiet kin in universiteit hjir mar better alle diskusjes ditoangeande út e wei gean troch in ynklusyf en kultureel passende namme te kiezen. Wy riede jo mei klam oan om hjiroer yntiids it petear mei jo konvenantpartners oer oan te gean.

Ried foar de Frisistyk

Noch in aspekt dat, wat yndirekter, rekket oan studintetallen: de Ried foar de Frisistyk. De oprjochting dêrfan is oanret troch de KNAW, yn dizze wurden: “Stel een Raad voor de Frisistiek in waarin (vooralsnog) frisisten van de RUG, de Fryske Akademy, NHL Stenden, alsmede de leerstoelhouders aan UvA en UU vertegenwoordigd zijn; deze Raad coördineert de samenwerking in onderzoek en onderwijs”. DINGtiid soe taheakje wolle: “...mei as haaddoel it op peil bringen fan de útstream fan de frisistyk ta in nivo dat oerienkomt mei it ferlet yn it Fryske fjild, sawol maatskiplik as akademysk.” Dat is ommers dêr’t it allegearre om te rêden is mei de frisistyk: in bettere oansluting by it ferlet yn it akademysk en maatskiplik fjild. En dat jout ek romte foar doelen dy’t kwantifisearber binne en dus hifke wurde kinne yn in monitoaringssyklus: hoefolle studinten, en fan hokker profyl, hoefolle PhD’s, hoefolle heechleararen wolle we ha? En hoe rjochtsje we it bouwurk fan de frisistyk mei-inoar yn sadat dy doelen helle wurde sille?

De Provinsje hat mei it *Gearwurkingstrajekt Fryske Taal en Kultuer* (GFTK) al in goede oanset ta in gremium dat him oer sokke fragen bûgje kin. In Ried foar de Frisistyk kin yn de kearn bestean út de partijen dy’t de KNAW al oandraacht – al soe ek Tresoar der neffens ús by passe – mar soe neffens ús funksjonearje moatte binnen it ramt fan dat GFTK. Dat fermidden kin oan in Ried foar de Frisistyk meijaan wat it ferlet is, en helpe de fasiliteiten en omstannichheden te skeppen om it doel sa goed mooglik te heljen. Sa soargest foar dielde doelen en foar transparânsje. De Provinsje soe nei dat GFTK – dat neffens ús it bêste ûnder in ûnôfhinklik en dus net-ynstitúsjoneel foarsitterskip fungearje kin – it foech ferlizze kinne om de middels dy’t der binne foar de frisistyk, sa goed mooglik yn te setten.

Wy werhelje ús oanbefellings, dy’t derop rjochte binne om de sichtberens te fergrutsjen en sa de studintetallen posityf te beynfloedzjen:

- Set yn op in stânplak Grins foar alle ûnderdielen fan de nije bachelor Frysk.
- Soargje dat de namme of it label dêr’t de bachelor Frysk aanst mei fierder giet, ynklusyf is en dat it ‘Fryske elemint’ goed sichtber bliuwt.
- Stimulearje de oprjochting fan in Ried foar de Frisistyk, mar bring dat ûnder yn de al besteande GFTK, mei as doel om de útstream fan de frisistyk op in nivo te bringen dat oerienkomt mei it ferlet yn it Fryske fjild, sawol maatskiplik as akademysk.

Wy gean derfanút dat wy mei dit brief oan jo advysfersyk foldien ha, mar binne út soarte altiten ree ta neier petear hjiroer. Wy sille boppedat ôfskriften fan dit advys oan de oare konvenantpartners stjoere, en it advys, lykas ús wenst is, ek publisearje op ús webside.

Mei freonlike groetnis,



Jan Koster
foarsitter DINGtid

College van Gedeputeerde Staten
t.a.v. E. Folkerts
Postbus 20120
8900 HM LEEUWARDEN

Leeuwarden, 25 februari 2025

Geachte gedeputeerde Folkerts,

Op uw schriftelijk bericht d.d. 4 februari 2025, nader besproken in ons BO d.d. 13 februari 2025, hebben wij u laten weten dat wij graag op uw verzoek ingaan om te adviseren omtrent de standplaats van de bachelor Fries van de Rijksuniversiteit Groningen (RUG). Uw directe aanleiding daartoe was PS-motie 3.061 d.d. 22 februari 2023, die o.a. wil laten onderzoeken of het verplaatsen van de leerstoel Fries naar Leeuwarden effect zal hebben op het aantal studenten.

Uw adviesvraag is terecht: de standplaats van zo'n kwetsbare universitaire opleiding als Friese Taal & Cultuur heeft ongetwijfeld invloed op de kwaliteit en kwantiteit van de studenten. Beide zijn erg relevant voor de toekomst van de frisistiek, want uit diezelfde studenten zullen uiteindelijk ook de nieuwe PhD's, universitaire docenten en hoogleraren voortkomen. En niemand zal ontkennen dat een sterke en zichtbare frisistiek cruciaal is voor de toekomstige positie en kracht van de Friese taal.

Wij hebben u op het bovengenoemde BO meegedeeld dat wij omwille van de tijd voor dit advies geen diepgravend onderzoek kunnen doen. De aanbevelingen die we in deze brief doen, zijn bedoeld als richtinggevend voor toekomstige gesprekken over de universitaire frisistiek, en zijn tot stand gekomen op basis van onze eigen expertise met het hoger onderwijs en onze ervaring in dit dossier, dat al sinds 2019 een rol speelt in ons werk.²

Een belangrijke achtergrond bij uw adviesverzoek is ook het aanstaande convenant met betrekking tot de inrichting van een bachelor Fries aan de RUG. We willen hier graag, opnieuw, uitspreken dat we erg blij zijn dat zo'n convenant wordt voorbereid. Want zoals hierboven gezegd, een sterke, zichtbare en duurzame universitaire frisistiek is van cruciaal belang voor de Friese taal. We hebben dit gevoel van belang en waardering ook uitgedrukt in onze adviesbrief ten aanzien van dat convenant, die begin oktober 2024 aan de drie convenantpartners (OCW, Provincie, RUG) is toegestuurd. We mogen ons bovendien allemaal in dat gevoel gesterkt voelen door het belangrijke en invloedrijke rapport van de KNAW-commissie, waaruit het convenant mede voortkomt en waarbij DINGtiid ook betrokken is geweest.

² Zie voor een overzicht ons Werkprogramma 2024-2025, 'Hoger onderwijs':
<https://dingtiid.frl/wurkprogramma-2024-2025/>

Convenant Bachelor Fries

Zoals gezegd is het aanstaande convenant met betrekking tot de bachelor Fries een belangrijke achtergrond voor deze adviesbrief. Zo'n bachelor was er al – DINGtiid heeft het om die reden dan ook nooit over een 'nieuwe' bachelor Fries – maar sinds 2013, toen de opleiding als track onder een nieuw programma (Minorities & Multilingualism) kwam, is de frisistiek aan de RUG in zwaar weer gekomen. Die constructie heeft zeker geen windeieren gelegd voor het aanwinnen van nieuwe studenten. Hoewel diepgaand onderzoek hiernaar bij ons weten niet heeft plaatsgevonden, is ons uit gesprekken met betrokkenen in het verleden wel duidelijk geworden dat een gebrek aan zichtbaarheid, als track onder een andere vlag, slecht uitpakte als het ging om het trekken van studenten. Dit schrijven we niet om oude koeien uit de sloot te halen, maar omdat de kwestie van de studentenaantallen, en dus de zichtbaarheid, erg relevant is voor de vraagstukken waarop deze adviesbrief ingaat.

De bachelor zal voor een periode van tien jaar worden gesteund door de Provincie Fryslân, het Rijk en de RUG, als straks de uitvoering conform de huidige plannen verloopt. De afspraken hierover worden vastgelegd in het convenant, dat op de planning staat om in april 2025 te worden ondertekend; voorbereidende afspraken zijn gemaakt in de BFTK 2024 -2028 (par. 2.6 'Afspraken in het hbo en wo'), die in april 2024 is aangegaan door Rijk en Provincie. DINGtiid is in het convenantproces door de betrokken partijen een adviserende rol toebedeeld.

Het convenant gaat niet in op meer inhoudelijke zaken als standplaats, studieprogramma of de naam van de bachelor. Dat is ook begrijpelijk, omdat het convenant andere, meer formele afspraken wil regelen, zoals samenwerking, financiering en monitoring. Toch doen die inhoudelijke kwesties er wel toe, omdat ze raken aan de zichtbaarheid en dus aan de potentie om een passend aantal studenten te trekken. En dat zal van de bachelor het succes maken dat voor elke betrokken partij de financiering zal moeten rechtvaardigen.

Standplaats: Leeuwarden of Groningen?

Als eerste betreffende de standplaats: de keuze zal worden gemaakt tussen Leeuwarden en Groningen. De RUG zelf heeft hierover zijn standpunt nog niet definitief bepaald, mag men aannemen op basis van berichten in het RUG-medium *UKrant* (d.d. 24/1/24 en 7/1/2025). Er valt voor beide standplaatsen genoeg te zeggen.

Om te beginnen met Leeuwarden: de hoofdstad van Fryslân, midden in de Friese samenleving, en met belangrijke kennispartners zoals de Fryske Akademy, NHL Stenden en Tresoar in de direct nabijheid. En ook de aanwezigheid van de Campus Fryslân van de RUG, met zijn inhoudelijk sterke masters, is een voordeel voor studenten die willen doorstromen (al moet worden gezegd dat het studentenaantal van de Campus al jaren sterk tegenvalt, ook al krijgen de programma's hoge waarderingen). Bovendien zal een standplaats voor de bachelor in Leeuwarden voor veel Friese vo-docenten die een extra graad willen behalen, aantrekkelijk zijn omdat dat voor de meesten makkelijk en snel te bereizen is. Verder heeft Tresoar een

collectie die voor elke student Fries de afwezigheid van de Groninger UB compenseert, en meer dan dat. Bovendien heeft het een mooie symboliek en geeft het Leeuwarden/Fryslân extra prestige om de opleiding Fries in het hart van Fryslân te plaatsen.

Het gaat hier echter niet om prestige voor Fryslân of Leeuwarden, maar om het trekken van, en dus de zichtbaarheid en aantrekkelijkheid voor studenten. Dat brengt ons bij de voordelen van Groningen. Daar is de Faculteit Letteren gevestigd, waarin de afdeling Friese Taal & Cultuur al sinds een kleine eeuw is geworteld. Daar zitten dus ook de docenten en PhD's van de belangrijkste aan de frisistiek verwante vakgebieden, zoals Germaanse talen, algemene taalkunde, letterkunde, cultuurstudies, geschiedenis, die voor de nodige academische zuurstof en uitwisseling zorgen. Maar vooral: daar zitten de studenten van die opleidingen, in groten getale. Omdat de afdeling Fries altijd al zijn studenten voor het overgrote deel heeft binnengehaald als bijvakkers – (meestal: Friese) studenten die een andere studie doen maar in de vrije of minorruimte eens willen snuffelen aan de frisistiek, en dan blijven hangen voor het volledige programma – moet de afdeling Fries daar zijn waar ook die mogelijke bijvakkers zijn. En op die plek bevinden zich sowieso al de meeste jonge Friezen, want als ze willen studeren aan de universiteit, kiezen ze nu eenmaal, om welke reden dan ook, veel eerder voor Groningen dan voor Leeuwarden.

Het geheel overziend, voor wat de standplaats betreft, valt volgens DINGtiid het meeste te zeggen voor behoud van de standplaats Groningen voor de bachelor Fries. Dat geldt voor de hele opleiding; om sommige studieonderdelen toch in Leeuwarden te organiseren, zal de zichtbaarheid van de opleiding verminderen en onduidelijkheid onder studenten veroorzaken. En daarmee zal de instroom niet vergroten maar juist kleiner worden, menen wij.

Andere zichtbaarheidsaspecten

Al had uw adviesverzoek alleen betrekking op de standplaats, toch willen wij u graag nog een paar overwegingen meegeven die van invloed zijn op de zichtbaarheid en dus het succes van de bachelor.

De naam van de opleiding

Ten eerste: de naam. Als de bachelor wordt ondergebracht bij een andere opleiding – en dat ligt wel in de verwachting – dan zou het woord 'Fries' zichtbaar moeten zijn in alle uitingen. De afgelopen jaren was dit niet zo: het was, zoals gezegd, een track onder het label van Minorities & Multilingualism, en alle pogingen om het woordje 'Fries' wel mee te nemen in de titulatuur ten spijt, bleef de opleiding Fries simpelweg onzichtbaar en onvindbaar. Momenteel is nog onduidelijk welke naam of label de Faculteit gaat hanteren voor de bachelor Fries. Wel lijkt het voor de hand te liggen dat er meer samenwerking zal worden gezocht met de opleiding Nederlandse Taal en Cultuur. Mocht dat inderdaad het geval zijn, dan moet de juiste gevoeligheid worden getoond ten aanzien van de toekomstige naam of het label van de opleiding. Fries is immers geen Nederlandse taal, en die suggestie zou ook nergens moeten

worden gewekt in de benaming. Als er al een overkoepelend label moet komen, zou dat iets als 'Talen en culturen van Nederland' moeten zijn. Het kan zijn dat de RUG-interne systematiek zich daar op zekere wijze tegen verzet, maar daar is uiteraard altijd een route omheen te vinden, zolang die wil er maar is.

Zo'n naam zou overigens ook meer recht doen aan eventuele andere inheemse talen en culturen van Nederland die in de toekomst onder een dergelijk label kunnen of zullen worden gebracht. Wat dat betreft kan de universiteit hier beter elke discussie hierover vermijden door een inclusieve en cultureel passende benaming te kiezen. Wij raden u nadrukkelijk aan hierover tijdig het gesprek met uw convenantpartners aan te gaan.

Raad voor de Frisistiek

Nog een aspect dat, meer indirect, raakt aan studentenaantallen: de Raad voor de Frisistiek. De oprichting ervan is aangeraden door de KNAW, in de volgende bewoordingen: "Stel een Raad voor de Frisistiek in waarin (vooralsnog) frisisten van de RUG, de Fryske Akademy, NHL Stenden, alsmede de leerstoelhouders aan UvA en UU vertegenwoordigd zijn; deze Raad coördineert de samenwerking in onderzoek en onderwijs". DINGtijd zou willen toevoegen: "... met als hoofddoel het op peil brengen van de uitstroom van de frisistiek tot een niveau dat overeenkomt met de behoefte in het Friese veld, zowel maatschappelijk als academisch." Dat is immers waar het allemaal om is begonnen met de frisistiek: een betere aansluiting bij de behoefte in het academisch en maatschappelijk veld. En dat geeft ook ruimte voor doelen die kwantificeerbaar zijn en dus kunnen worden getoetst in een monitoringscyclus: hoeveel studenten, en van welk profiel, hoeveel PhD's, hoeveel hoogleraren willen we hebben? En hoe gaan we het bouwwerk van de frisistiek met elkaar inrichten zodat die doelen worden behaald?

De Provinsje Fryslân heeft met het samenwerkingstraject *Gearwurkingstrajekt Fryske Taal en Kultuer* (GFTK) al een goede aanzet gegeven tot een gremium dat zich over zulke vragen kan buigen. Een Raad voor de Frisistiek kan in de kern bestaan uit de partijen die de KNAW al aandraagt – al zou ook Tresoar er volgens ons bij passen – maar zou volgens ons moeten functioneren binnen het kader van dit GFTK. De leden hiervan kunnen aan een Raad voor de Frisistiek meegeven wat de behoefte is, en zich inzetten om de faciliteiten en omstandigheden te scheppen om het doel zo goed mogelijk te halen. Zo zorg je voor gedeelde doelen en voor transparantie. De Provincie zou naar dit GFTK – dat volgens ons het beste onder een onafhankelijk en dus niet-institutioneel voorzitterschap kan fungeren – de bevoegdheid kunnen verleggen om de middelen die er zijn voor de frisistiek, zo goed mogelijk in te zetten.

Wij herhalen onze aanbevelingen, die erop zijn gericht om de zichtbaarheid te vergroten en zo de studentenaantallen positief te beïnvloeden:

- Zet in op een standplaats Groningen voor alle onderdelen van de nieuwe bachelor Fries.
- Zorg dat de naam of het label waaronder de bachelor Fries straks verder gaat, inclusief is en dat het 'Friese element' goed zichtbaar blijft.
- Stimuleer de oprichting van een Raad voor de Frisistiek, maar breng deze onder in de al bestaande GFTK, met als doel om de uitstroom in de frisistiek op een niveau te brengen dat overeenkomt met de behoefte in het Friese veld, zowel maatschappelijk als academisch.

Wij gaan ervan uit dat wij met deze brief aan uw adviesverzoek hebben voldaan, maar zijn uiteraard altijd bereid tot nader overleg. Wij zullen een afschrift van dit advies aan de andere convenantpartners sturen, en het advies, zoals gebruikelijk, ook publiceren op onze website.

Met vriendelijke groet,



Jan Koster
voorzitter DINGtiid